

# Lytse Teake kriget de earste Wâldgieltsjes

**KOLLUMERSWEACH** ■ Yn de winkel fan de famylje Van der Heide yn Kollumersweach binne freed 24 july de earste Wâldgieltsjes fan dit seizoen oerhandige oan konferensier Teake van der Meer, algemien bekend as Lytse Teake fan De Westereen.

Van der Meer krige se útrikt troch Jacob Wilman, de petefaar (peetvader) fan de Wâldgieltsjes. Yn syn reaksje gie Van der Meer yn op it belang fan produkten, en mei namme iten, dat op in goede manier en leafst yn de regio produsearre is. "Dat in âld ras dat yn De Wâlden thús heart,

no op dizze wize wer by de lju op'e tafel komt, is dan ek in boppeslach."

De famylje Wilman hat de tylt fan it Wâldgieltsje wer oppakt nei dat er lange tiid allinne noch mar op folkstúnen en op partikuliere hiemen te finen wie. De Wâldgieltsjes wurde no ûnder it Streekmerk Wâldpyk troch de firma Greydanus en Brouwer yn gearwurking mei Stichting Wrâldfrucht op'e merke brocht. Neffens Tjalke Stoelwinder van Greydanus en Brouwer leveret dizze firma oan sa'n 85 prosint fan de winkels yn Fryslân.



■ Teake van der Meer kriget de earste Wâldgieltsjes fan dit seizoen oerhandige.

Eigen foto